

JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2014 - 2015

Bestjoer: Gearstalling en roaster fan ôfgean (4 jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde)

2016	Hinne Wagenaar, foarsitter	foar de Stichting Nijkleaster, Jorwert
2016	Warner Veltman, skriuwer	foar it Ferbân fan Fryske Foargongers (FFF)
2016	Toos Reichman	foar de Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemusyk
2017	Geart van der Heide	foar de Yntertsjerklike Kommisje foar de Earetsjinst
2017	Jan J. Poutsma	foar it Deputaatskip Fryske Earetsjinsten (Frijmakke Tsjerken)
2018	Sipke J. Huismans	foar Kertettekoar
2018	Piet Miedema, ponghâlder	foar it it Kristlik Frysk Selskip
	Liuwe Westra, nijsjager	

Der hawwe yn it ôfrûne jier 7 bestjoersgearkomsten west op ús fêste gearkomste adres 'De Fikarij' yn Wurdum: 22 april, 21 augustus, 25 septimber, 30 oktober, 11 desimber, 29 jannewaris en 12 maart.

Jiergearkomste 29 maart 2014 yn 'De Mienskip' en de Jehannestsjerke yn Feanwâlden

Sjoch hjirfoar it taheakke ferslach fan ús âld-skriuwer Douwe Gerbens

Webstee Piet Miedema is neist syn funksje as ponghâlder ek de behearder fan de webstee fan Krúspunt. Hy set geregeldwei nije berjochten en ynformaasje oer nij materiaal op it webstee: www.kruspunt.nl
Liuwe Westra is hjirby - neist syn oare kwaliteiten - fan grutte bespuiting as de *nijsjager* foar Krúspunt.

Wurksumheden *It ôfrûne jier hawwe de leden fan it bestjoer fan Krúspunt û.o. dwaande west mei:*

1. De stichting Krúspunt hat meiwurke oan it ta stân kommen en de útjefte fan it boek fan Jan Popkema: 'De Kristlik-Fryske beweging yn de tweintichste iuw' op 4 april yn 'It Aljemint' fan de Fryske Akademy. Hinne Wagenaar hat as foarsitter it earste eksimplaar útrikt krigen en Liuwe Westra wie ien fan de sprekkers.
2. De plannen foar Pinkstersnein 2015 - nei 't 100 jier lyn de earste Fryske preek yn 1915 yn Tsjom troch dû. Wumkes útsprutsen waard - binne ta in útdragen saak kommen. In herhellingsbrief mei dêrby in komplette foarbyldliturgy is nei alle tsjerkerieden en parochybestjoeren yn Fryslân stjoerd. Wy hoopje dat in soad tsjerken en parochys meidogge oan it realisearjen fan in Fryske snein op 24 maaie 2015.
3. Yn ditselde ramt wurdt der troch Liuwe Westra, Koen Zondag en Abe de Vries wurke oan de útjefte fan in boekje mei dy earste en ek lettere Fryske preken fan û.o. Wumkes, Wartena en Huismans.
4. Der binne fierhinne plannen om in kursus 'Leauwe yn Fryslân' te jaan oer it typysk eigene fan Fryske teology. Hinne Wagenaar, Liuwe Westra, Tytsje Hibma en Alex Riemersma sette harren dêrfoar yn. Der wurdt yn dizze saak ek gearwurking socht mei de Fryske Hegeskoalle Stenden/NHL.
5. De Bernhard Smildepriis 2015 fan € 250 wurdt dit jier útloofd oan de makker fan it moaiste Peaskeliet. De útrikking sil plak fine op de jiergearkomste fan 21 maart yn Akkrum.
6. Krúspunt hat de útjefte fan it Nije Fryske Lieteboek (oerset út it Nederlânsk) stipe mei € 2000,-. De presintaasje hjirfan is op sneon 18 april om 15.00 oere yn de Grutte Tsjerke fan Ljouwert.

Dielnimmende organisaasjes *Op dit stuit binne der 33 dielnimmende organisaasjes yn Krúspunt:*

Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemusyk	Kwartettekoar
Deputaatskip Earetsjinsten FM	Nederlânsk Bibelgenoatskip
Ferbân fan Fryske Foargongers	Protestantske gemeente Ingwert (Raerd)
FOET Sleat	Protestantske Gemeente Westerwert
FOW Dongeradiel	Pylgergroep
FOW Hjerbeam	Rie fan Tsjerken
FOW Itens	St Doarpstsjerken Lollum en Waaksens
Frysk Oekumenyske Werkfermannen	St Greidhoekekatedraal
Greidhoeketsjerkedei	St Jabikspaad Fryslân
Hânsume Help	St Nijkleaster
Intrada	St Pommerant als Predikant
It Frysk Boun om Utens	St Tsjerkerestauraasjes Lollum Waaksens
It Nijs (ynternet krante)	St Vermogensbeheer Herv.- en Prot. Gem. te Lollum- Waaksens
Kerkblad 'De Binding' PKN Franeker	
KFFB	Tsjerkepaad
Kristlik Fryske krite te Burgum	Ykfe
Kristlik Fryske krite te Dokkum	Yntertsjerklike Fryske Fespertsjinsten Ljouwert